

REGLEMENT STAF TOANIELADVYS

Alle by STAF oansluten selskippen kinne gebrûk meitsje fan de mooglikheid om advys te krijen by it meitsjen fan in produksje. It advys kin oer allerhande saken gean, dy 't in foarstelling oanbelangje.

Bygelyks :

Kar fan in stik

- sykje
- skriuwe
- oersetse

Rezjy (byg. begelieding yn it repetytsjeproses):

- mise en sêne
- tempo en ritme
- spulstyl
- tekstbehandeling

Dekor/foarmjouwing

Kostúms / oanklaaiing

Technyk

Muzyk

Foar dit advys kin in fraach yntsjinne wurde by STAF mei it oanfraachformulier

De STAF koördinator siket nei oanlieding fan de fraach kontakt mei it selskip en mei in persoan of organisaasje op it gebied wêr 't advys foar oanfrege wurdt

De persoan of organisaasje dy 't advys jout moat ynskreaun wêze by de Kamer van Koophandel

It selskip kin by it oanfreegjen fan advys in bydrage krije

STAF jout op syn meast in bydrage oant 25% fan it toanieladvys; mei in maksimum fan € 150,-- per advys dat oanfrege wurdt

It selskip kriget streekrecht fan de persoan of organisaasje in rekken foar it ferliende advys

It selskip kin dêrnei de rekken by STAF yntsjinje om in bydrage oan te freegjen

It is ek mooglik om gebrûk te meitsjen fan de tsjinsten fan saakkundigen. Dy binne net ynskreaun by de Kamer van Koophandel. Dêrfoar wurdt in fergoeding frege fan € 4,50 yn it oere. Dan is der gjin mooglikheid om in bydrage oan te freegjen

Alle kontakten foar toanieladvys rinne fia de koördinator.

It kontaktadres is : ynfo@staf-fryslan.nl